

Hinne Wagenaar

Redaksjonele ferantwurding

Yn 'e hjerst fan 2005 krigen de redaksjeleden fan dit boek it fersyk om in boek gear te stallen mei 'pearls' út 'e skiednis fan 100 jier Kristlik Frysk Selskip en Roomsk Frysk Boun. It haadbestjoer fan it Kristlik Frysk Selskip frege om in boek mei dokuminten en artikels 'dy't net wei wurde meie, dy't ynspirearjend west ha (en binne) en dy't grutte ynfloed hân ha', mei as doel in basis te foarmjen om fierder nei te tinken oer de takomst: '**nei** hûndert jier Kristlik Frysk Selskip'.

Alderearst waard Jan Popkema frege om in sit te nimmen yn de redaksje. Hy wie al lang lid fan it KFS, is frisist en neerlandicus en dwaande mei in stúdzje nei de kristlik-Fryske beweging. Coby de Boer-Bergstra waard frege fanwege har lange jierren as tsjerklik wurker en foargonger yn Fryske tsjerketsjinsten. Sy wie goed op de hichte mei de praktyk fan de kristlik-Fryske beweging. Dêrnei Corry Bouma as âld-foarsitter fan it Roomsk Frysk Boun en ynwijde yn de Roomsk-Katolike tsjerke yn Fryslân. Tom Dykstra kaam yn de redaksje fanwege syn belutsenheid by de Fryske beweging û.o as skriuwer fan it KFS en earder fan de Ried fan de Fryske Beweging. Yn ús kommisje hat er ek de taak fan it skriuwerskip op him nommen. Hinne Wagenaar fertsjinwurdige as foarsitter it KFS-haadbestjoer. Hy wie doe noch net sa lang werom út Afrika en wie as dûmny yn de Protestantske gemeente te Wurdum e.o. tige dwaande mei de takomst fan in Fryske tsjerke en Fryske teology.

Om materiaal te sammeljen is de redaksje begûn mei in oprop oan alle KFS-leden om safolle mooglik mei te tinken en ús stikken ta te stjoeren en oan te rieden. Dêrneist hawwe wy sels ek ynformaasje garre by tal fan pommeranten. Fierders hawwe wy safolle mooglik beskikber materiaal lêzen en hifke (boekpublikaasjes, en foaral it tydskrift *Yn ús eigen Tael* en it blêd *De Stim fan Fryslân*). Jan Popkema hat fierwei it measte foarwurk dien en de redaksje de wichtichste stikken foarlein om te lêzen. Sa ha wy besocht om 'pearls' boppe wetter te krijen. Us hifkingskritearia hawwe dêrby west: 'is de ynhâld no noch fan belang?', 'jout it artikel in nijsgjirrich tiidsbyld en/of jout it in bepaalde ûntwikkeling oan?' en 'is it artikel noch goed lêsbear?' Fanwegen de beheinde romte ha wy in protte stikken dy't wiswier wol de muoite wurdich binne, falle litte moatten.

De artikels yn dizze bondel binne bepaald troch de tiid en kontekst fan ûntstean. Foar in goed begryp fan dy artikels en harren plak yn it gehiel begjint dit boek mei in histoarysk ramt. Op sa'n wize krijt de lêzer in goed oersjoch oer de hiele perioade fan hûndert jier. Yn dit ramt wurdt oan alle artikels in plak yn tiid en skiednis jûn. Fansels kinne alle artikels ek gewoan 'los' lêzen wurde.

De artikels fan foar 1980 binne allegear omstavere (ek de sitaten), útsein de titels fan losse publikaasjes en útsein de stikken dy't as yllústraasje opnommen binne, sa as gebeden, Bibelpassaazjes en gedichten. Ek de Hollânsktalige teksten binne omstavere. Der binne fierders lichte oanpassings makke yn de ynterpunksje en alinea-yndieling. In inkelde kear is der in ferhelderjende noat pleatst.

Wy hoopje dat dit boek in nijsgjirrich boek is oer it ferline, mar de lêzer tagelyk ek útdaagje sil om nei te tinken oer de takomst fan in Fryske tsjerke en de tsjerken yn Fryslân.